

SKRIFTLIKE FRAGEN, op grûn fan Kêst 39 Reglemint fan Oarder
--

Rjochte oan DS / lid DS	Schrier Underwerp: kompensaasje húseigeners troch de NAM
Ynliedende taljochting (fakultatyf)	De rjochter hat útspraak dien yn de saak fan de Stichting WAG tsjin de NAM. It fûnis seit dat de NAM oanspraaklik is foar de weardedelgong fan ûnreplik guod yn it ierdbevingsgebiet yn Grinslân. De NAM moat de eigeners yn it foar kompensearje, ek as der noch gjin skea ûntstien is.
Fraach / fragen	<ol style="list-style-type: none"> 1. Wat binne de juridyske konsekwinsjes fan dizze útspraak foar eigeners fan ûnreplik guod mei weardedelgong yn sâlt- en gaswinningsgebieten yn Fryslân? 2. Hoe grut skatte jo op juridyske grûnen de kâns dat it fûnis ek trochlutsen wurde kin nei de oanspraaklikheid fan mynboumaatskippijen foar weardedelgong troch oare foarmen fan boaiembeweging as ierdbevings? Graach jo argumintaasje. 3. As der gjin konsekwinsjes binne, en de oanspraaklikheid en de fergoeding allinnich foar ierdbevings yn Grinslân jilde, binne jo dan mei ús fan betinken dat der rjochtsûngelikens ûntstean kin? 4. Hokker aksje ûndernimme jo no sels nei dit fûnis?

Yntsjinner(s)	(fraksje / namme / hântekening) FNP, Wopke Veenstra
---------------	--

Datum	3 septimber 2015
-------	------------------